



# LETTER IS BETTER

Blijspul yn trije bedriuwen

fan

**ALBERT VAN DER WAL**

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.  
(Grimas Theatergrime verkoop)  
Tel: 072 - 5 11 24 07  
E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)  
Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **LETTER IS BETTER** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ALBERT VAN DER WAL** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2004 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

#### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

#### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten  
van u te claimen, of te innen.**

## PERSOANEN:

Jurjen Brouwer - Jong fint, drok fan aard, in nayf man yn de omgong mei froulju. Hy en syn mem in relaasje op it skerp.

Andrys Gramsma (*buorman*) - Stiet klear foar de oaren. Falt foar froulju. Altyd ree om foaral Jurjen te helpen. Symphatyk dat wol.

Pier de Vries (*kompjuter man*) - Wat in in stil karakter, rint yn `t pak, in op en top kompjuter man. Besjocht alles mei oerliz, nimt de tiid.

Tabbe Post (*postrinder*) - De man dy `t gewoan syn wurk docht. wat op de eftergroun, mar hy belibbet alles wol mei.

Mem Brouwer - In frou op leeftyd, sterk, net in maklik karakter. Hat har libben lang arbeide, past tige op de pleats en har bern. Yn har hert goed, al lit hja dat net sa sjen.

Gelske Brouwer - In frou fan dizze tiid, behearst, in goede oplieding. De suster fan Jurjen.

Jeltsje Flostra - Is de freondinne fan Jurjen. Dêrneist hâld se der al meardere freonskippen op nei. Net al te serieus, gjin byning mei immen, wol profitearje fan oaren.

Brechtsje Gramsma (*buorfrou*) - Frou fan Andrys, blier fan aard, wolris wat drok, mar ree om immen te helpen. Wat te nijsgjirrich emoasjoneel dat ek.

Toaniel alle trije bedriuwen it selde.

## 1e toaniel

*Wen-keamer modern, sfear dizze tiid.*

*Buro: kompjuter, tillefoan, fax, televyzje, kastje mei kofje guod.*

*Twa plakken - op-ôfgong.*

Jurjen: *(op - hastich – drok rinnende mei-tillefoan. Underwylts dwaande de knappe klean oan te dwaan)*

Pier jonge ik hawwe net folle tiid.

Ik soe eins krekt op wei om Jeltsje te heljen.

It sil it der no eins in kear fan komme.

Witste dy alline-klub dat like my yn `t earst neat, oan `t ik Jeltsje dêr moete.

Us mem..? gjin punt, dy is der jûn net.

Lokkich ferhûzje wy dy freed nei har oanleunwente.

Dan hawwe wy de hânnen frij, is it paad rûm.

De kompjuter? dat leart al.

*(ûnderwylts broek better oan / jas / strik. Mem op: efter him /krante / bliuwt stean/harkje)*

Wat ús mem der fan sizze sil.? Tsja, do kinste ús mem en har miening oer myn freondinnen. Dy is as fjoer en wetter, lokkich is sij der jûn net. *(sjocht mem stean!)* Allinne no is se der al! Pier, wy prate wer...*(hoarn del)* Mem.

Mem: Jurjen...

Jurjen: Moat ik noch wat foar jo dwaan?

Mem: Misskien oan my it ien en oar útlizze..?

Jurjen: Hoesa, wer hawwe jo it oer...?

Mem: De hânnen frij; it paad rûm, fjoer en wetter; Jurjen..?

Jurjen: Ach no ja, Pier dy skille oer de kompjuter.

Mem: Pier..de man fan de net wurkjende kompjuter, de man fan djoere rekkens, praat my der net fan.

Jurjen: Mem toe no, ik haw jo al sa faak útlein: ik moat leare mei dy kompjuter om te gean. It is wenne oan in kompjuter, dat bringt bernesykten en steuringen, soks heart der by.

Mem: Bernesykten..? Dy jierren bist wol foarby tinkt my. Sa `n kompjuter is neat en sil nea wat wurde. Nij moarderiche rommel

Jurjen: In modern boerebedriuw as dat fan ús, kin no ienkear net sûnder in kompjuter. *(hoarloasje sjen)* Mem, it is myn tiid, ik moat fuort! Wy prate wol wer..

Mem: Moast al wer der op út?

Jurjen: Jawis, ik haw in ôfspraak. As ik no net oanmeitsje kom ik te let, dat moat net. Oerdei freegit de pleats myn omtinken, en ik nim no efkes tiid foar mysels.

Mem: Jawis, tiid foar dysels, doch dat dan ek, sûnder froulju op de kost.

Jurjen: Froulju? Minske wer hawwe jo it oer? Ik. hawwe hjirre gjin nocht oan hear, en alhiel net de tiid. Ik moat myn ôfspraak neikomme! *(triuwt mem nei de doar – mem sil ôf . Komjuter jout alaarm /hurd/skerp lûd. Jurjen kjel)* Nee nee no net wer..! *(rap der hinne. Mei it toestenboard grime/ slaan)* Wer is it boek? *(lêze)* Toets ien..trije, twa gelyk.. *(Mem rint nei de kompjuter/lûkt de stekker der út / stil)*

Mem: Sa...dat bringt rêst yn de tinte. Wat hawwe ik dy sein? In ûnding is it, mear net.

Jurjen: Minske minske, bliuw der ôf! De stekker der út lûke, dat kin hielendal net! Alles rekket sa fan slach: it foer jaan, de ferljochting, as `t ferkeard útpakt moat ik alle ynformaasje der opnij ynbringe! *(stekker yn it stopkontakt/masjine oansette)* Oh oh..oh..oh...

Mem: Ynformaasje..? As dat koe. Bygelyks my wat mear fertelle, wêrsto dizze lêste wiken mei dwaande bist? Werom atsto jûn op jûn op stap bist, sa wie it earst net Jurjen. Of wit dy masjine mear dan ik, wat moat ik der fan tinke?

Jurjen: Jo tinke mar wat jo wolle. As der mar gjin skea is *(kompjuter)*

Mem: Dat hindert neat, dy Pier komt graach del.

Jurjen: Dy komt dochs del, dat wie al ôfsprutsen. Lokkich der is wer byld, en sa te sjen binne al myn bestanden der ek noch. Mem, asjeblyft, wat der ek bard, nea wer oankomme! De boel is stikken foardat je it witte, en dat kostet goed jild. Sa..dy docht it wer, en no sil ik fuort!

Mem: Is se ûngeduldich? Kin se net wachtsje..?

Jurjen: Nee..! Jeltsje..ach minske.. Dat binne myn saaken. Ik wit wol hoe`t jo der oer tinke, nei Grytsje is my dat wol dúdlik wurden. Elk frommes, sels ien mei in gouden kont is neffens jo noch te min foar my.

Mem: Ik haw oars wol it goede mei dy foar. Dizze pleats hat heit dy neilitten, der moat goed op past wurde! Goed..do hast it modernisearre, mar in goede boerinne..ho mar..

Jurjen: Mem toe no, hâld op, heit is al jierren dea. En ik hie in goede boerinne op`t each, doe mei Geartsje.

Mem: Dat frommes wie krekt sa min boerinne, as dumny`s mefrou.

Jurjen: Ja, en Hilda wie te dik, Janke te brutaal, Hiltsje te sunich, en Gepke te dom, Grytsje te wiis, dy oare, sij eh..Annie.

Mem: Dy..! Dy doogde foar gjin sint, in fladde wie it oars net. Hjirre op`e pleats is plak foar in goede hurd wurkjende boerinne.

Jurjen: Ik sil sjen op it boadskippe boerd by de winkel.. As ik de goede tsjin kom sil ik it har sizze. (*koart*) It is mear as myn tiid, ik set ôf.

Mem: Sjoch mar nei Gelske, dyn suster. Dy brûkt har ferstan,...dy ferslingert har net oan de earste de beste fint dy`t op har paed komt.

Jurjen: Us Gelske, hat har de kop hast gek leart, wylts keardels? Dy wolle har mei jild ta noch net iens oansjen. In âlde frijster, dy`t ekonomy studearre hat. (*Mem komt op him ôf*) Ja ja, ik sis al neat mear, ik hâld my al stil, it bêste. (*Jurjen sil ôf*)

## 2e toaniel

(*Doar/klopjen/ buorman Andrys: Gramsma op*)

Andrys: Moarn, buorfrou, Jurjen...

Mem: Andrys:..

Andrys: Jurjen jonge ik wol net lêstich wêze, mar ik haw wer skiep fan dy op`t hiem. Se slagje der kear op kear yn om lâns dat hek te kommen.

Jurjen: Oh nee ek dat noch. (*horloasje sjen –hastich*) Ik moat, ik no ja dan mar efkes letter, it giet úteins om it kommen. Ik sil mei dy mei Andrys, dit gesodemiter moat no ôfrûn wêze. Al it losrinnende fee moat ek as `t heal kin ek op de kompjuter, dan ha`k der fêst minder omtinken fan. Do earst. (*beide of*)

Mem: Ja ja, set alles mar yn dy kompjuter fan dy. Koe`k dy troch dit ding ek mar wat mear yn`e smizen hâlde. As myn Klaas dit meimakke hie, dan (*tillefoan rinne/nûmmer*)

Mem: Gels..mei mem. Alles goed..? Moai, komst ek noch del hjoed..? Dat is goed, hatsto ek noch wat? best juh, wy prate der aanst wol oer. (*efter har buorfrou Brechtsje op*) Dat dogge wy, dan sjoch ik dy wol. Ik hingje op, buorfrou komt der yn. (*tillefoan del*) Brechtsje.

Brechtsje: Moarn, ik tink de manlju efter de skiep oan, dan kin ik wol efkes by buorfrou sjen. Is alles sa`n bytsje klear? Ik bedoel kinne wy jûn it lêste guod wat te plak bringe?

Mem: Ja dat tink ik wol. Pak efkes in stoel Brecht..

Brechtsje: Hoe no is der wat?

Mem: Ach.. ik wit it net, it is ús Jurjen.

Brechtsje: Fanwege dy pear skiep? mar minske dat rêd him wol. Wat krammen, wat skriktrie, dat is sa wer klear.

Mem: Skriktrie, ja as dat koe. Nee, dy skiep dy binne it net.. Al fyn ik it wol ferfelend hear, dy útbrekkerij kear op kear. Nee..ús Jurjen, wy

hawwe wer wurden hân. Hy is dwaande mei fan alles, allinne net mei de pleats, dat wit ik wol.

Brechtsje: Is `t sa slim? Ik kin oars Andrys wol freegje

Mem: Nee nee bist mâl, dit bliuwt ûnder ús. As ik freed hjirre wei bin, dan sil `t wêze, ha `k niis wol begrepen. Jurjen sil der oer prate, ik tink mei dy kompjuter fint, dy Pier, witste..

Brechtsje: Oh die..! Hat dy fint der ek wat mei fan dwaan?

Mem: Gjinn idee, it paad is rûm en dat soarte fan wurden brûkte Jurjen niis foar de tillefoan.

Brechtsje: As `t my freegest is Jurjen krekt as earder, gewoan fereale, as wie it in mosk op in stik bôle. Wy hawwe dat al earder belibbe.

Mem: Ja dat wol, mar net sa. Hy is der net by, elke jûn op stap, hy hat de kop net by syn wurk, it is dizze kear goed rekke.

Brechtsje: In frommeske, dat kin net misse..

Mem: Nei alles wat wy belibbe hawwe, sil ek dizze wol net in topper wêze Jurjen kinnende. Hy hat werklik gjinn inkel gefoel foar froulju. Altyd healwiis en allegearre seks.

Brechtsje: Ja...

Mem: Mar it is it gefoel.

Brechtsje: Ja...

Mem: Wist wat, wy sette jûn gewoan wat earder op hûs oan. Wa wit wat wy hjirre oantrefte.

Brechtsje: Spannend is `t wol. Ik mei hjirre wol oer.

Mem: Ik haw leaver dat it wat ta falle sil, ein dizze wike is Jurjen allinne op de pleats. Ik moat der net oan tinke wat der dan allegearre barde kin.

Brechtsje: Net folle, Andrys en ik wy binne der ek noch.

Mem: Ja, do en Andrys. Do hâldst dy stil hear, gjinn wurd. Foaral net tsjinn dyn Andrys.

Brechtsje: Ik swij as it grêf fan de deade dûminee, Andrys: seit altyd as der wat foar stilte is: letter is better..

Mem: Misskien hat hy wol gelyk, de tiid sil it leare. Sst, neffens my komme dy beide der wer oan. *(beide manlju wer op / Jurjen/Andrys:/yn petear)*

Andrys: Dit moat oars Jurjen, dy konstruksje is sa neat wurdich. Wat bettere peallen, in bosk skriktrie, in goede spanner. Goed ark moat der komme, oars hâlde dyn skiep ús beide oan it wurk.

Jurjen: Hoe `t dy bisten der elke kear wer yn slagje lâns wei te kommen, ik haw der wol oan. Dy skieding like my sterk genoch.

Andrys: Dat is der net, dat blykt wol.

Mem: My tinkt dit gedoch fuort en daliks mar oankrije, of net Jurjen?



Jurjen: Ja ja.. (*skrik – syn mobile tillefoan giet - Jas bûse*) Brouwer.  
Oh..Jeltsj, ik eh..wie eins al ûnderweis, mar der kaam wat tusken, de  
skiep begrypste.. (*tsjin de oaren*) Ik haw tillefoan , ik bin der sa wer.  
(*Jurjen ôf*)

Andrys: Witte jimme wat froulju, ik skilje daliks Hindrik Bos, dy hat sa`n  
trie-spanner, as wy dy liene kinne, sette wy de hiele saak yn ien kear  
goed te plak. Gjinn skiep dy `t der dan noch lâns komme sil.

Mem: De tillefoan stiet dêr Andrys. (*Andrys: skilje/seft eftergrun. Jurjen  
wer op – hastich*)

Brechtsje: Is alles yn oarder mei dy Jurjen, of hatste wat lêst fan stress?

Jurjen: Nee nee hear, te tefolle geseur oan de kop, fan oaren. Wat ik  
ek besykje fan`e moarn, ik kin hjir skynber net weikomme.

Brechtsje: Sis wat ik dy freegje woe, hasto nochris wat heart fan dy  
Klaske.. do wist dat meagere frommes fan boppe de stêd. Ik mocht  
eins wol graach oer har hear, se wie wol wat seksy

Mem: Dat wol.

Jurjen: Ach jimme eamelje. Froulju it bêste. (*hy sil ôf*) Andrys..? (*dy stekt  
hân op – wachtsje Jurjen*)

Andrys: (*tillefoan del*) Ik haw it klear Jurjen, Siebe Bos komt jûn nei it  
iten fuort en daliks del. Hy nimt it ark mei, as it dan in bytsje slagje  
wol, dan binne wy foar it tsjuster wol ree.

Jurjen: Moai, dat is goed. Wacht..jûn...? seisto jûn..?

Andrys: Ja, jûn daliks mar, dan is dat gedonder mar út`e wei.. Dat  
geflutter fan dy skiep moat ophâlde tinkt my. Moarn past it Bos  
minder, dat sei der.

Jurjen: En jûn past it my net, dat sis ik. Ik kin net.

Mem: Werom past it dy jûn net Jurjen..? Ik bin mei Brechtsje en ús  
Gelske nei de oanleun. Jimme hawwe om dyn eigen wurden te  
brûken “it paad rûm”

Jurjen: Ik hawwe jûn gjinn tiid om dat hek te dwaan. Pier komt del, dat  
kin`k no net wer fersette, dat soe de tredde kear wurde. De  
kompjuter..

Mem: Dy rint net fuort. En as ik de rekkens fan dy Pier sjoch, kin hy him  
der sels tige mei rêde.

Jurjen: Nee, it spyt my, sa kin dat net. Pier..hat it ek drok, hy hat nea  
net folle tiid, trouwens hy moat my ek it ien en oare der fan útlizze, ik  
moat der by wêze.

Andrys: Ik rêd it wol mei Bos juh, dat komt wol klear.

Jurjen: Goed, it is my allegearre goed! Minsken ik moat fuort! (*wer giet  
syn mobile tillefoan*) Ien momint.. (*hoarn*) Brouwer.. Wat seiste?  
earder seisto..? Is dat wol ferstandich? Ik bedoel..efkes. (*tsjin de*)

oaren) Persoanlik. Earst dit tillefoantsje, en dan set ik ôf hear. (*Jurjen of*)

Mem: Al wer..?

Andrys: Jurjen set nei syn ôfspraak, froulju myn wurk ropt.. Sa as sein, ik rêd it jûn wol mei Bos buorfrou. (*Andrys ôf*)

Mem: No wat haw ik dy sein? Mei ús Jurjen is der wat geande.

Brechtsje: Dy Jurjen..

### 3e toaniel

(*Gelske op*)

Gelske: Moarn....mem, buorfrou.

Mem: Gelske..do bist der al..moai.

Gelske: Wat hat ús Jurjen by`t ein? Hy rint my gewoan foarby, drok yn petear oan de tillefoan. Wylts buorman Andrys efter him oan rint. Is der rûzje?

Mem: Nee hear..ús Jurjen is wat drok fan`e moarn. Hy is wat fan slach, it rint him wat oer de skuon leau`k.

Brechtsje: Eigen skuld, wer fereale tinke wy.

Gelske: Al wer? Ik hie him wiizer hân, nei alles wat der bard is, mar ja..sels mar witte. (*stoel*) Fierder is alles hjirre goed..?

Mem: Ja hear, de lêste eintsjes fanwege de ferhûzing hâlde my dwaande. En sa as altyd ek Jurjen.

Gelske: Ik wol best mei him prate...allinne nei dat gedoch mei dy Gryt, is de ferhâlding tusken ús der net better op wurden. Jurjen en dy healwiize klub fan him, ik wit net wat hy dêr yn sjocht.

Mem: Ik ek net. It hat oan `t no ta allinne mar gedonder brocht. Mar ssst, hear, wy dogge neat, wy sizze neat, wy freegje hin nearne nei. Se sizze dan ek wol, hy dy `t stil is fernimt, sjocht en heart it measte. Oh ja, wat oars, do moast my ek noch te wurd Gels?

Gelske: Dat hat de tiid noch wol.

Mem: Yn dat gefal, sille do en ik dan earst efkes wat lyts guod oerbringe? Hast de auto neist de doar..?

Gelske: Ja...dy stiet ree.

Brechtsje: Kin ik jimme ek in hantaast helpe..?

Mem: Bêst Brechtsje..

Brechtsje: Ik sjoch jimme sa wol by de auto. (*Brechtsje of*)

Mem: Ik wol wat op`e tiid werom wêze hear Gels..

Gelske: Lit my riede...Jurjen..? Goed, litte wy de saaken dan daliks mar oankrije. Jo earst mar mem. (*Froulju of*)

## 4e toaniel

*(Andrys en Jurjen op)*

Jurjen: Dit is net te leauwen, earst moat ik har helje, dan wer net. Ik moast fuort, en no ynienen net mear dit is net út te lizzen

Andrys: Hoecht ek net juh, der is hjirre gjin ien mear. De froulju hawwe dy net sjoen, dus..neat oan de hân.

Jurjen: Wie dat mar wier Andrys. Jeltsje ek ik hienen foar jûn ôfsprutsen, no skillet se my dat se der oan komt, dat soe net..sa rint alles oars as de opset wie. Wat bin ik bliid dat ús mem, en Gelske ôfset binne. Litte dy asjeblyft in moai skoft weibliuwe

Andrys: Jurjen jonge, it binne myn saaken net, mar hoe sit it mei dy en dy Jeltsje? Hoe komsto eins oan har, wer bist mei dwaande?

Jurjen: De klub, do wist wol de allinne-klub op internet. De klub foar frijgesellen, wy sjatte en dogge oan ynternet-post, se bin ik mei har yn de kunde kaam. Fan it ien komt it oare, in kear te iten en soks, do wist it wol.

Andrys: Ik wit neat.. Ik hear wolris wat fan Brecht, allinne dat is net it bêste.. Jurjen is altyd op stap, bliuwt sels in kear in nacht wei, soksoarte fan ferhalen.

Jurjen: Us mem! ..Ik hie it witte kinnen, dy kin my no nea mei rêst litte. It giet bêst tusken Jeltsje en my, wy lizze elkoander wol, dat wol ik sa hâlde. Us mem tinkt mar wat sij wol, it is myn libben.

Andrys: Jurjen jonge, meitsje dy net drok, wy sjogge it wol. Komt tiid komt rie, earst dyk Jeltsje, en dan jimme mem en al it oare.

Jurjen: Ja ja..sa moat it dan mar.

Andrys: It komt wol goed

Jurjen: Andrys: jonge, us mem makkit my folslein gek mei har geseur. Tink om de pleats, tink om it jild, tink om de takomst, wer hawwe wy altyd hurd foar arbeide. Ik wit wol sa hat it ek wolris by`t rjochte ein, doe mei dy Janke dy hie my in bek as in skuorre, en dy wie net al te snugger, doe hy us mem gelyk, dat koe neat wurde. Dêrom Jeltsje dêr wit se neat fan tink ik, en dat moat efkes sa bliuwe..

Andrys: Dat dogge wy, earst de prooi, dan de jager..

Jurjen: Sla de gek der mar mei, ik sit der mei. Jeltsje is foar my alles, en sij komt der oan. Hoe no..?

Andrys: Kalm bliuwe, as se der is dan sjogge wy wol fierder.

Jurjen: Do tinkst der om Andrys, earst Jeltsje, ús mem komt letter wol. Ik wol Jeltsje de pleats sjen litte, sûnder dat elke stap dy`t se docht, elk wurd dat se seit, op`e skeal fan ien nei tsien lein wurd.

Andrys: Ik tink wol wat om dy froulju, sit der mar net oer yn.

Jurjen: Moai sa. Lokkich is Pier ek op`e hichte.

Andrys: Soa hasto Pier der ek al yn belutsen? En fierder? Ik freegje mar nei `t ik wit.

Jurjen: Gjin ien, do en Pier oars wit nimmen der wat fan. Dat moat earst sa bliuwe hear! Jeltsje is my hiel wat wurdich, wy prate der sels oer om tegjearre te wenjen, wat ús mem dêr ek fan tinke sil

Andrys: Do doarst it wol oan. Giet it net wat te rap sa? Om jimme mem kinst net hinne.

Jurjen: Ik doch it op myn eigen wize.

## 5e toaniel

*(Klopjen doar) Tabe post op pakje en post by him)*

Tabe: Moarn hearen, de post.. Kom fierder Jeltsje, hjirre moast wêze..

Jeltsje: *(op)* Tanke Tabe, noh Jurjen, dêr wie`k al. Of better dêr wienen wy al.

Tabe: Asjeblyft in pakje foar jo Brouwer. Jeltsje stie op`t hiem, neist in taksje, ik haw har mar meinaam. Gjin beswieren tink ik...?

Jurjen: Nee nee goed hear, tige goed sels. Jeltsje wolkom, hat immen oars dy sjoen..?

Jeltsje: Gjin idee.. hoi..*(tut)* Ik haw inkele wurden wikselle mei Tabe. Wy kinne elkoander fan de klub.

Jurjen: Oh..? Do en Tabe, dat wist ik net.

Tabe: Jawis, Jeltsje ek ik, wy hawwe troch de alline-klu..

Jeltsje: *(rap)* In skoft yn de selde strjitte wenne, mar dat is al efkes lyn hear. De wrald is lyts is `t net sa? Oh ja, it lytsjild, ik haw tink ik net genoch by my foar de taksje, kin ien fan jimme..?

Jurjen: Ik regelje it wol *(ôf)*

Jeltsje: En dit is... *(nei Andrys ta)*

Andrys: De buorman fan Jurjen, Andrys: Gramsma. Tige, mefrou..... *(han)* dus jo binne no Jeltsje. Jurjen hat neat te folle sein, ik moat sizze it hie stikken minder kinnen.

Jeltsje: Tanke, in komplimint is nea wei sizze se dan. Is`t net sa Tabe?

Tabe: Ja ik eh, ja.

Jeltsje: Buorman, ik bin Jeltsje...

Andrys: Andrys graach..

Jeltsje: Dat dogge wy: Andrys. Jo hawwe al begrepen dat Jurjen en ik..

Andrys: Ik bin folslein mei alles op`e hichte.

Jurjen: *(wer op)* Dat is wer klear. Dan earst dyn post mar Tabe. *(tekenje post)* Tanke wol. Oan `t sjen soe`k sa sizze.

Tabbe: Ja it wurk ropt de iene, de oare de wille. Moarn allegearre. Mefrou Jeltsje, hearen. (*Tabbe ôf*)

Jeltsje: Tabbe it bêste mar wer. Jurjen jonge, it hat efkes duorre, mar ik bin der. Dus dit is no de pleats, it bedriuw fan dy. It plak fan wenjen, it plak fan sinten fersjinje, hielendal dyn libben. Ik moat sizze fan wat ik sjoen haw, it liket der op! Krekt as de buorman..

Jurjen: Ja..buorman Andrys: wit oeral fan, al is hy is oan`t no ta wol de ienigste.

Andrys: Krekt, mar dy buorman seit; jimme prate mar, ik lit de "jonge lju" op har sels.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**